

Grutte Pier



Foarearst neat oan 'e hân, hy hie in moaie pleats en in stik lân
Hy fielde him frij, mei syn wiif, twa bern en de kij
Mar doe kamen dêr de Saksen oan, se ha de hiele boel bedoarn
En samar yn in eagenblik stie syn pleats yn 'e fik

Neat fan syn libben oer, hy hat alles ferlern yn it fjoer
Hy slipet syn swurd, wês mar benaud en wit wat dit betsjut
Hy hat moai wat mankrêft by elkoar, se komme jim wol op it spoar
En se sill' gjin minske sparje

Hy seit:

**Earst wol ik witte, bisto ien fan ús?!
Dus lit ik dy switte, pas dan hearst hjir thús
Bûter, brea en griene tsiis
Ast dat net sizze kinst, bist gjin oprjochte Fries**

Sa giet hy troch it lân, bisto in Fries dan skoddest him de hân
Mar hasto in aksint, begjin mar te draven want hy giet troch it lint
Hy wurdt oe sa lilc en pakt syn swurd, fiket earst in grut stik út dyn burd
Dus ik soe hjir mar net wer komme

**Earst wol ik witte, bisto ien fan ús?!
Dus lit ik dy switte, pas dan hearst hjir thús
Bûter, brea en griene tsiis
Ast dat net sizze kinst, bist gjin oprjochte Fries**

**Bûter, brea en griene tsiis
Bûter, brea en griene tsiis
Bûter, brea en griene tsiis
Bûter, brea en griene tsiis.....**

